

'Elke vierkante meter grond heeft een eigen verhaal en vertelt dit ook –  
maar je moet wel willen luisteren naar  
deze vaak zachte stemmen' ...  
Theodor Fontane

# Po@dium

## eine Frühlingsreise

Bennie Huisman

2025 - 3


Snein 11 maaie. Ik sit yn 'e IC nei Berlyn. Fyts en bagaazje ûnder berik. Tickets en paspoart by de hân. Yn Bad Bentheim kinne 'grinskontrôles' komme. Dêr hoech ik my as dúdlik werkenbere wite âldere Europeeske 'Eigenheimer' gjin soargen oer te meitsjen. Ik sil net gau in twifel lutsen wurde. Al is dat yn it Amerika fan no, sels mei paspoart en visum, ek net wis mear. Mar it opûnthâld yn Bad Bentheim wurdt inkeld brûkt om fan personiel te wikseljen: Nederlanders der út, Dútsers der yn. In âlde Europeeske tradysje, fergelykber mei it wikseljen fan de wacht by Buckingham Palace. Goed 4 oeren letter stap ik út yn Berlin Spandau. Op 'e tiid.

Yn teory kin ik no noch nei it *Alexanderhaus* yn Groß Glienicke fytse om my dêr yn it Sommerhaus am See by de lêste rûnlieding oan te sluten. Mar ik wol al de rûte folgje by de eardere Muorre lâns en as ik op 't lêst de bekinde 2.30 m hege paadwizers fûn ha, wurdt it al krap en lit ik de rûnlieding mar sjitte. Tiisdei noch in nije kâns.

Ien kear by it hûs rin ik der om- en trochhinne en om't ik de skiednis ken haw ik oan de ynformaasje yn de keamers genôch. Ik meitsje in foto fan in resint byggebou en fan de muorre-restanten dy't by de yngong fan it doarp steane. De lêste ferzy fan de *Mauer* bestie út 2.30 m hege betonelementen, mei dêr oerhinne in rûne betonnen buis as ekstra handicap. Dy't siet mei in izeren beugel fêst. It wie systeemjou en it moat foar de jonge DDR-steat, dêr't oan alles in tekoart wie, in útdaging west ha om hûnderttûzenen elementen te produsearjen. Alles om foar te kommen dat elk dy't kundich wie mei hân, holle of beide, nei West-Dútslân flechtsje soe. Doe 't it hiele systeem klear wie koenen de grinswachten it fierder mei masinpistoalen ôf. De slachtoffers wurde no lâns de *Mauerradweg* op ynfomaasjeboerden betocht.



De skiednis fan dat simmerhûs is beskreaun yn in boek út 2015, fan Thomas Harding, in Ingelske historikus mei Dútse woartels. Syn beppe groeide op yn Berlijn as Elsie Alexander. Har heit, in joadske dokter, liet yn 1927 in houten simmerhûs bouwe oan de Groß-Glienecker See. Yn 1933 waard dr. Alexander it wurkjen ûnmooglik makke. Yn 1936 flechte de famylje 'mei de lêste trein' nei Ingelân, dêr't in âldere suster fan Elsie al wenne.



yn de jierren '90 socht beppe Elsie mei bern en bernsbarn it simmerhûs wer op, dat se noait fergetten hie. It stie der noch en hie alle djiptepunten fan de Dútse skiednis oerlibbe. It waard noch bewenne. Twintich jier letter trof har beppesizzer Thomas it hûs hiel oars oan. It stie leech, wie oergroeid en ferwaarleaze en soe ôfbrutsen wurde. Mei help fan doarpsbewenners en meiwurking fan 'e gemeente krige it in monumint-status en waard it restaurearre. Harding skreau der in boek oer en de rest is skiednis. No wurdt dy skiednis dêr ferteld en is it in 'sintrum foar fersoening'.

(alexanderhouse.com)

Yn de tún fan it Alexanderhaus stiet it *Seminar-Gebäude*, dat nei de restauraasje boud is. Yn in finster is te lêzen wê't it foar bedoeld is: in plak, 'dê't 'minsken mei utienrinnende religys en wrâldskôgings inoar moetsje kinne yn in dialooch'. De arsjitekt hat him ynspirearre litten troch de 'soeka', it tydlike ûnderkommen dat joadske minsken foar it Loofhuttenfeest faak yn de tún opsette, mei in dak fan blêdden of reid. Dêr wurdt mienskiplik iten mei famylje en freonen. Om de 40 jier te betinken dat it folk Israël yn 'e woastine omswalke, foar't se it taseine lân yn koenen.

Ik bin grutbrocht mei de Bibel - dy't syn haadletter dêrnei kwytrekke. Om wat mear te witten oer it Loofhuttenfeest (Soekot) sykje ik by Wikipedia. Twa oeren letter haw ik genôch lêzen om konkluderearje te kinnen, dat alle 'nasjonalisme' en 'orthodoksy' basearre is op mearkes en mythen, Dy ha fansels in funksje. Se kinne minsken ferienigje yn in mienskiplike identiteit. Soms t'n goede (fredich gearlibje, soargje foar inoar), faker t'n kweade (macht en rykdom fêsthâlde, tagong ta wetter, fruchtbere grûn en grûnstoffen beskermje of taëigenje), Noch net sa lang lyn hjitte dat yn in part fan Europa: *Lebensraum*. Ruslân sil der no wol in eigen wurd foar ha. En in eigen mythe.

Doe't it betreklik soadsje ûngeregeld, dat doe 'it folk Israël' útmakke, it 'lân fan molke en húning' ynluts, wennen dêr, tydlik of al langer, oare folken en soadsjes ûngeregeld. Dy seinen net: kom der yn, *wir schaffen das...* It gie te fjoer en te swurd of ûnder twang, soms fredich hannel driuwend, dan wer oarloch, it úthoulikjen fan keningsdochter, mingde houliken, mingde religys, alles wat we út ús eigen Europeeske skiednis kenne. Mar it lân wie harren tasein troch Jaweh, dy't oars noch lang konkurearre moast mei de ferrearing fan in Mem-goadin, in striid, dy't de *stammen Israëls* lang ferdiel hold. (*Disclaimer:* mythen en oerlevere ferhalen befetsje in soad wysheid. Mar macht en wysheid wurkje net altyd deselde kant út. sjoch dhr. Wilders).

Twa dagen letter stean ik wer by itselde *Seminar-Gebäude*. Mei Barbara, in jonge frou, dy't om twa oere fergees wachtet op Amerikaanske minsken, dy't har opjûn hienen foar in rûnlieding. We reitsje oan 'e praat. Dat it 'dialooch-gebou' ynspirearre is troch de soeka, dat is nij foar har. It tydlike fan de woastine-tinte (dê't de soeka oan referearret) hinget ek wat oan dit nije bousel. It is fan hout en reid en de reidmatten dy't it dak útmeitsje, wurde inkeld út rein en wyn holden troch transparante golfplaten. Barbara merkt op dat it simmers dêr binnenyn gau te hyt wêze sil. Neffens har wurdt it net folle brûkt, al steane tafels en stuollen klear. Ik sis, dat it hiele projek, it restaurearre simmerhûs, it dialoochgebou, de humanistyske doelstelling, in kwetsbere yndruk makket. Se is dat mei my iens. It ferhaal hat troch it boek in soad minsken berikt. En troch de resinte skiednis der fan - it proses fan restauraasje en fersoening mei de mienskip en de nije bestimming - in grutte symboalyske wearde,

Mar de lytsskaligens makket de impact beheind. Der is mar ien betelle kracht, der is net folle jild en om b.g. Europeeske fûnsen oan te sprekken, dêrfoar mist de kompetinsje en it netwurk. Mar miskien is dat ek in gerêststelling. Barbara lit my noch sjen wê't de Berlynske Muorre rûn, dwers troch de nei de See ôfrinnende tún. We besjogge wat fotoboeken en ha moaie petearen. Oant de Amerikanen om trije oere dochs noch opdûke.





Ik ha dan al in hiele dei achter de rêch. Moarnsier ôfskie nommen fan myn Gastgeber en nei de kofje mei croissant by de Edeka nei it stasjon fan Spandau fytst. Dêr mei de S-Bahn nei Bahnhof Wannsee. Achter dat stasjon leit it Strandbad Wannsee. Doe't de Dútsers nei de oerjeffe yn 1945 besochten wer op te krabbellen út *Ruinen*, skuld, skamte en ferbittering, waard dit strân al gau in plak foar in simmerske *Ausflug*. It levere yn 1951 sels ien fan de earste nei-oarlochse Schlaggers op: *Pack die Badehose ein...*, songen troch de doe 8-jierrige Conny Fröboes en skreaun troch har heit. (net folle letter by ús bekind as: *en dan gaan we naar de speeltuin...*)

Oare kant it wetter, rjocht foar it strân oer, stiet myn earste bestimming: in grutte villa, dy't skiednis skreaun hat as it *Haus der Wannsee-Konferenz*. It is no in betinkings- en foarmingssintrum. Hjir wie de fergadering dy't de *Endlösung der Judenfrage* ta offisjeel belied makke. Dêr gie in lang trajekt fan *Lösung* oan foarôf. De anti-semityske mythes wienen net eksklusyf Dúts. Al yn de 20-ger en 30-ger jierren sirkulearre û.o. yn Ingelân, Frankryk, Nederlân en Poalen it plan om alle Europeeske joaden nei Madagaskar te deportearjen, in eilân by de súdpunt fan Afrika. Doe't de Nazi's it foar it sizzen krigen waard ek nei dy opsje sjoen. Mar it selsbeneamde *Herrenvolk* (genetysk sjoen al ieuwen in ûngeregeld soadsje út alle wynstreken - lykas de measte 'folken') seach al gau de beswieren. Dêr soe in sterke Joadske steat ûntstean kinne mei tefolle ynfloed op it wrâldteniel. Boppedat behearsken de Alliearden al gau it wetter tusken Europa en Súdlik Afrika. It earste alternatyf: opslute yn kampen en getto's. Mar troch alle feroveryngen gie it om aloan mear Joaden en waard oerskeakele op deameitsje. Nei eksperimenten mei Zyklon-B gas yn de 2e helte fan '41, waard besletten ta yndustriële ferneatiging.



De konferinsje, yn [de villa Merlier](#) [aan de Wannsee](#) yn febrewaris 1942 wie bedoeld om de noazen fan alle bestjoerslagen deselde kant út te krijen. Dat waard yn in pear oeren tiid besegele.

It wie in suvere, tige krekt plande en útfierde *genoside*.

De villa en de tunen der omhinne binne prachtich. In groep Frânse middelbere skoallebern wurd binnen wizer makke troch in lerares Ik keapje by de baly in boekje oer de skiednis fan de villa, fan in meiwurker, dy't yn Madagaskar berne wêze koe en daal ôf fia de terrassen fan de grutte tún nei it wetter fan de Wannsee. Oan de oerkant blinkt de sinne op de strânstuollen, lykas yn alle simmers fan de lêste 100 jier, yn tiden fan frede en oarloch.

Wat it ferhaal fan de Wannsee-Konferenz dúdlik makket - en nijsgjirrich foar no - is, dat in genoside net út de loft fallen komt. De Holocaust wie it einpunt fan in lang proses. Dat begjint mei it beneamen fan oare minsken 'as in probleem'. Omt se der oars útsjogge, oare klean drage, in oar leauwen ha, in oare 'gender', in oare kultuur. Nei de Joaden ta hie dat ieuwenâlde woartels, graach en faak bedonge troch machthawwers en de Kristlike tsjerke. Dat wie lang itselde.

In oerienkomst yn alle stadia fan alle genosidale prosessen oant hjoed ta: der is nea in tekoart oan útfierders, ek net by folken en naasjes dy't harsels as beskaafd beskôgje. It begjint by ûnt-minsliking. Ik moat dêr no alle dagen oan tinke as ik lêse oer Israëlyske soldaten, dy't tasjogge as kolonisten Palestynske doarpen ferniele en de ynwenners terrorisearje. Noch los fan Gaza. Mar ek by it nijs oer Amerikaanske plysjes dy't willekeurige immigranten oppakke. Of berjochten oer de burgeroarlogen yn Afrika, de Russyske terreur yn Oekraïne, grinswachten en kustwachten dy't oare minsken werom triuwe. Ek bij ús binne de earste selsbeneamde frijwillige 'grinswachten' signalearre. (Dizze boargerlike belutsenheid is oars hoopvol. Mooglik kinne se anst ek ynset wurde om rellende autochtoane fuotbalsupporters ta de de oarder te roppen.)

Fan alle minsken dy't, yn hokker foarm dan ek, in slûpend proses fan yntimidaasje en ûnderdruking, oant genoside ta, mei mooglik meitsje, dogge de measten dat net út deselde oertsjûging as de jingen dy't it oanstjoere. Se binne as bussjauffeur, treinmasjinist, amtner, plysje of militêr diel fan in útfierend apparaat en it freget in soad moed om 'nee' te sizzen, as deel fan in groep, as kostwinner, ek as it ynsjoch trochbrekt, dat it net doocht wat fan dy frege wurdt. Yn ferset komme hat yngripjende gefolgen foar dyn libben en dat fan dyn geliefden, famylje en oaren dêr 'st ekonomysk mei ferweven bist. Protestearje, desertearje, pasifisme as grûnhâlding, 'nee'-sizze tsjin oarloch en geweld (ek as it ynstitúsjonalisearre is yn naasjesteaten), it hat in lange tradysje en schiednis. Yn dizze barre en bange tiden is it de muoite wurdich om dêr fierder nei te sykjen. (wurdt fuortset...)

Mefrou de keningin  
dit brief sil ik Jo stjoere  
dat Jo, at Jo tiid oer ha,  
miskien ris lêze kinn'  
De post brocht my hjoed pront  
wat militêr pepierguod  
dêr't ynstiet: ik moat moarnier fuort  
te fjuchtsjen oan it front  
Mefrou de keningin  
dêr wol ik net oan meidwaan  
'k leau net dat ik foar deadwaan  
hjir op 'e ierde bin  
Miskyn dat ik jo steur  
troch hjirmei oan te kommen  
mar myn beslút is nommen  
ik wurd moarn deserteur.

Wie 't troch de oarloch net  
dat heit in wrede dea fûn  
myn bruorren haw ik gean sjoen  
myn bern ha'k skriemen heard  
Us mem is troch 't fertriet  
yn 't grêf telâne kommen  
en spot no mei de bommen  
en spot mei ider liet.  
'k Siet finzen, doe 't se my  
myn leafste frou ûntstielen  
se namen ek myn siel en  
myn dierber ferline wei  
Betiid slút ik moarnier  
de doar nei myn ferline  
men sil my hjir net fine  
dan bin 'k al wit hoe fier.

Op 's Hearen wegen si'k  
myn swalkjend libben liede  
lâns wâlden, bou en mieden  
en tsjin de lju sis ik:  
Wegerje om te gean  
en wegerje te hearren  
of yn 'e kriich te stjerren  
nee! bliuw dôfhûdich stean  
Us bloed jaan, keningin?  
doch 't sels of stjoer Jo man mar  
mar wyt dat men net samar  
in oaren stjoere kin  
Sis tsjin Jo lju, foarstin  
dat ik gjin wapens draach en  
dat elts dy 't op my jaget  
gewoanwei sjitte kin.

Yn de foarige ôflevering gie it ek oer it liet 'de deserteur', fan Boris Vian. It waard fertaald yn withoefolle talen. PytJon Sikkema makke yn de jierren '70 in Fryske bewurking. Hy sjocht it sels as in liet oer 'tsjinstwegerje' Hjir sjongt er it noch ris, frijwat jierren nei it ûntstean.

<https://www.youtube.com/watch?v=uCsyAmZO0G0>

'Po@dium' is in Persoanlik Digitaal Magazine dit is de 3e ôflevering fan 2025

Réaksjes binne altyd wolkom: [huisman.bennie@gmail.com](mailto:huisman.bennie@gmail.com)

Wa't op 'e ferstjoerlist wol cq op it tastjoeren gjin priis stelt: lit it witte.

[www.benniehuisman.nl](http://www.benniehuisman.nl)